



# GEBROEDERS KALKOEN

(Gebroeders Kalkoen)

Blijspul yn trije bedriuwen

troch

**GERARD NIELEN**

**Nederlânske bewurking**

**Harmen Kramer**

**Fryske oersetting**

**Broer Jorritsma**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GEBROEDERS KALKOEN – GEBROEDERS KALKOEN** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **G. NIELEN en vertaler: BROER JORRITSMA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2023 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Telefoon (03)3.66.44.00,  
E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSOANEN:**

1. JACOB KALKOEN - winkelman, 55 jier, goedsek
2. HINDRIK KALKOEN - syn broer, 60 jier, driftich
3. PYTSJE KALKOEN - harren suster, 58 jier, âlderwetske frou
4. RIEMER NIJLAND - harren omkesizzer, 30 jier, man mei moderne ideeën
5. FROUKJE VAN DIJK - freondinne fan Riemer, 25 jier, moaie moderne frou
6. DJURRE DE BOER - winkelhelp, 20 jier, bliere en flotte jonge
7. VELDMAN - freon, 65 jier, reedlik modern
8. HINKE - al jierren húshâldster, 55 jier, kin it goed fine mei Jacob mar net mei Hindrik
9. FROU JONKER - fertsjintwurdiger fan it fakbûn. Mûnige tante

## EARSTE BEDRIUW

**TOANIEL:** It stik spilet him ôf yn de jierren 70 fan de foarige iuw. De winkel is hingjen bleaun yn de jierren 50/60. Wannear't de gerdinen iepen gean sjogge we in ûngesellich, âlderwetsk kantoar dêr't de tiid al jierren stilstien hat. Lofts en rjochts steane twa hege lesseners. Yn it midden in tafel mei trije stuollen. Oan de wand in grut portret fan de âlders fan de gebroeders Kalkoen. Fierder in stelling mei sloardich opsteapele doazen. Op de doar yn it midden stiet mei grutte letters "WINKEL". De broers binne âlderwetsk yn de klean. It is in brei-, naai- en kleanwinkel. As it gerdyn iepen giet binne Hindrik en Djurre drok dwaande mei it útpakken fan in doaze.

**HINDRIK:** Krekt, fjouwer truien. Kloppet dat?

**DJURRE:** Ja menear, en dan ha ik hjir noch twa pak Ingelske breikatoen foar 10,00 gûne.

**HINDRIK:** (*tsjin Jacob*) Dat giet noch altyd foar f. 1,50?

**DJURRE:** Ja menear.

**HINDRIK:** Ik freegje it net oan dy! Silsto ús fertelle wat wy fertsjinje moatte?

**DJURRE:** Och ik tocht...

**HINDRIK:** Sjoch do no mar oft de boel wol kloppet. Dat liket my better!

**DJURRE:** Dat haw ik al dien menear. Twa doaskes mei heakjes foar f. 7,50 de doaze. Dat binne dy pakjes dy't foar 75 sint ferkocht wurde.

**HINDRIK:** Soa, wiisnoas, dat wist ik net! Ik bin noch mar fjirtich jier by de saak.

**DJURRE:** No ja... jo fregen niiskrekt ek oer dy breikatoen.

**HINDRIK:** Hear dy brutale jonge no ris Jacob. (*tsjin Djurre*) Do hiest tritich jier lyn by ús heit yn tsjinst wêze moatten. Dy hie dy in knal foar dyn byderhante kop ferkocht foar sa'n antwurd.

**DJURRE:** Dan bin ik bliid dat ik net tritich jier te gau berne bin menear.

**HINDRIK:** No fuort, apekop, gean nei de winkel. Ik sprek dy letter

noch wol. (*Djurre ôf*)

**JACOB:** (*lêst in brief, ferheard*) Wat is dat? Hé jonge, kom ris efkes werom. (*Djurre werom*) Witsto hjir wat fan? Hjir falt my de mûle fan iepen!

**HINDRIK:** Wat is der?

**JACOB:** Alwer sa'n brief fan it fakbûn. No wol der immen delkomme om mei ús te praten oer de lege leanen.

**HINDRIK:** (*sjocht Djurre oan*) No?

**DJURRE:** Ja menear, ik wit it. Dêr hawwe wy it oer hân yn de lêste gearkomste. (*Jacob en Hindrik ferheard*)

**JACOB:** Op wat foar gearkomste?

**DJURRE:** Fan it fakbûn menear.

**JACOB:** En wat seine se dêr oer ús?

**DJURRE:** No net folle goeds menear.

**HINDRIK:** Fertel op!

**DJURRE:** As jo tasizze dat jo net lilk wurde.

**HINDRIK:** No fertel op snotaap!

**DJURRE:** No se seine dat de leanen hjir idioat leech lizze en dat se gjin antwurd kriegen op harren brieven en dat der dêrom no mar ien fan it bestjoer by jimme del komme sil.

**HINDRIK:** Hearst dat Jacob? Hearst wat dy bongel dêr seit? (*tsjin Djurre*) Fuort wêze do!!

**DJURRE:** Sjogge jo no wol dat jo lilk wurde.

**HINDRIK:** Fuort! No daliks! Snotnoas! (*Djurre gau ôf*)

**JACOB:** 't Is dochs wat...

**HINDRIK:** Wat in smjunt! Dy knaap moat der út. Dit giet sa net langer!

**JACOB:** (*delbêdzjend*) No no...

**HINDRIK:** Doch ik it wer ferkeard?

**JACOB:** Eins hasto him der ta twongen om it te sizzen.

**HINDRIK:** Wol ja, jou my de skuld mar wer. Ik bin hjir de boeman, no goed?

**JACOB:** Asto sa gau lilk wurdst...

**HINDRIK:** (*lilk*) Ik werd net lilk mar do makkest my lilk. Asto alles mar

fan dyn personiel akseptearrest moatsto witte. Mar ikke dus net!

**JACOB:** Hy is miskien in bytsje eigenwiis mar it is fierder in goeie jonge. En oan eltsenien mankearret wol wat. De klanten meie graach oer him.

**HINDRIK:** Dat is wier.

**JACOB:** Ja dat is seker wier! In bytsje stom datsto him fuortstjoerd hast.

**HINDRIK:** Dat wy him fuortstjoerd hawwe.

**JACOB:** (*ferheard*) Ik ek? No fuort dan mar, wy dan... Hawar, ik soe wolris witte wolle wat dy persoan fan it fakbûn hir dwaan wol.

**HINDRIK:** Dat sil wol yn dy brief stean tinkst ek net? Dat is fansels wer sa'n jong ding dy't neat fan de wrâld ôf wit en ús wol efkes fertelle sil dat wy in stel útsûgers binne... Ja we libje yn in moaie tiid tsjintwurdich. Ik bin bliid dat ús heit dit net mear mei hoecht te meitsjen! Hasto sin om dy oproerkraaier te wurd te stean?

**JACOB:** Seker, we moatte merke litte dat wy hielendal net bang binne foar har. En as se tefolle fan de toer blaast dan sizze we: “dêr (*wiist*) is it gat fan de doar”.

**HINDRIK:** In vrou noch wol! Fansels! No ja, do moatst it sels mar witte.

**JACOB:** Mar we bliuwe dochs gewoan baas yn ús eigen winkel?

**HINDRIK:** Dat liket my ek. It is my nochal in tiid om hegere leanen út te beteljen... De ynkomen binne hjoed-de-dei ek al net bêst. It is om te janken!

**JACOB:** De konkurrinsje, man, de konkurrinsje! It iene nei it oare winkelintrum riist as in poddestoel de grûn út. En dan wurkje se mei paskes en segeltsjes en safolle prosint koarting. It is ferdoarje somtiden hast fergees!

**RIEMER:** (*komt op*) De fertsjintwurdiger fan van Buren is der.

**JACOB:** Hast it listje klear?

**RIEMER:** Ja omke. (*jout de bestellist aan Jacob. Jacob besjocht it*)

**HINDRIK:** Sunich oan hear mei it keapjen. Der komt tsjintwurdich mear guod yn as dat der út giet.

**RIEMER:** Tsja... wat sil ik dêr no ris fan sizze?

**HINDRIK:** Sis do mar neat. Wat wy dogge dêr doocht dochs neat fan. Do hast de wiisheid yn pacht jonge!

**JACOB:** Hindrik, doch no net fuortendaliks wer sa. Hy seit dochs neat. (*tsjin Riemer*) Wat is dit?

**RIEMER:** (*Entûsjast*) Dat is mij tafellint. We kinne se leverje yn salmkleur, fraise, gersgrien, paublau, lila en wynread!

**HINDRIK:** Wol ja! Wol ja! Set der noch mar tweintich kleuren by. Wat moatst mei al dy nuvere kleuren?

**RIEMER:** It is de nijste trend omke. Eltsenien freget der nei!

**HINDRIK:** We hawwe noch doazen fol mei dat guod.

**RIEMER:** Ja, swart en wyt. Dat wolle de klanten net mear hawwe. Omke kin dy rôstich yn it jiskefet goaie.

**HINDRIK:** Asto de baas wiest dan koe de hiele winkel wol by it jiskefet.

**RIEMER:** De helte seker. Dat is no krekt de oarsaak fan de slopte. It kin my neat skele as jimme der lilk om wurde mar as wy net mei de tiid mei gean, kinne wy ynkoarten de winkel wol slute.

**JACOB:** Ho ris efkes... no moatst net oerdriuwe.

**HINDRIK:** It falt my ta datsto my ek in kear gelyk joust.

**JACOB:** Mar dat Riemer no hielendal ûngelyk hat wol 'k no ek wer net sizze. As de klanten no kleuren hawwe wolle dan sille wy wol mei moatte.

**HINDRIK:** Oer in moanne is de trend wer hiel oars en dan sitte we mei tritich rollen lint fan oardel meter breedte yn de mage. Mar, do giest dyn gong mar! Ik ha hjir dochs neat mear yn te bringen. (*giet lilk wer oan it wurk*)

**RIEMER:** Lit ús dan mar mei in pear kleuren beginne.

**HINDRIK:** Wol ja, nim 36 kleuren!

**JACOB:** Ik sil wolris sjen. As it te djoer wurdt dogge wy it net. (*Jacob ôf*)

**RIEMER:** (*suchtet*) Och Och...

**HINDRIK:** (*doch him nei*) Och och... Och och... Do moatst ús der mar út sette. Wy doge net mear foar de saak.

**RIEMER:** Sille wy it dêr mar net oer hawwe omke. Dêr hawwe wy it al sa faak oer hân. Soe omke as begjinnend ûndernimmer graach in net goed rinnende saak oernimme wolle?

**HINDRIK:** Dan nimst dochs neat oer? Leafhawwers genôch.

**RIEMER:** Dat hawwe wy net ôfsprutsen. My is tasein dat ik letter dizze winkel oernimme kin. As dat net sa wie dan wie ik hjir no net.

**HINDRIK:** Wy binne ferskriklik foar dy. Sis it mar. Do moatst dy skamje! Is dat no dyn tank?

**RIEMER:** Omke hat moai praten. It kin noch jierren duorje foardat jimme út de winkel geane. En yn de tuskentiid moat ik dochs ek libje? En dan ha ik it noch net iens oer trouwen.

**HINDRIK:** Wat hear ik no!

**RIEMER:** Ja, dat sille jim wol as in misdied beskôgje mar mei in man fan myn leeftiid net oan in houlik tinke? Dat jimme beide vrijgesel bleaun binne...

**HINDRIK:** (*falt yn*) Dêr binne wy grutsk op! Hiel grutsk! Trouwe dat is werklik it stomste wat in man dwaan kin. Tochtsto dat wy wurden wiene wat wy no binne as wy... (*wiist op syn foarholle*) Wat witte froulju no fan saken? Jild útjaan dat kinne se fansels wol en jild oer de balke smite. As se fyftich gûne op tafel lizzen sjogge dan tinke se dat se it wol efkes op meitsje sille en dat dogge se dan ek. In vrou kin mear útjaan troch it finster as in man der troch de skuorredoarren yn bringt! En foar datst it witst hast it hûs fol mei troep dêrtst neat oan hast.

**RIEMER:** Hat omke miskien ûnderfining?

**HINDRIK:** Foarbylden genôch en dat liket my better as sels te ûnderfinen. Ast der ien kear ûnderfining mei hast, is it al te let. Wolsto dyn takomst no wier fuort smite troch te trouwen? Dat is dochs seker in grapke fan dy of net?

**RIEMER:** Oer dit soarte fan saken meitsje ik gjin grapkes.

**HINDRIK:** Nee, dat dogge allinnich sokke idioaten as ik. Hoe hellest it yn 'e fredesnamme yn 'e plasse! (*Skrikt*) Hast seker ek al ien op it each tink?

**RIEMER:** Ja, sûnt in skoftke ha ik kunde oan in famke.

**HINDRIK:** (*falt hast flau*) Nee dochs? Dat mienst net? En dat sûnder ús tastimming?

**RIEMER:** Kom no, ik bin in folwoeksen man hear!

**HINDRIK:** Dus mei oare wurden, do hast ús net nedich?

**RIEMER:** Dêrfoar teminsten net.

**HINDRIK:** Hjir falle mei de follings fan út de kiezen... Mar sis ris, wat

wolst eins?

**RIEMER:** Genôch fertsjinje om trouwe te kinnen.

**HINDRIK:** Do bist ek lid fan it fakbûn seker?

**RIEMER:** Ja omke, freeslik hin...

**HINDRIK:** Dus wy hawwe it ek oan dy te tankjen dat hjir daliks sa'n nuver minske fan it bestjoer komt.

**RIEMER:** Dat sil ik net ûntstride.

**HINDRIK:** Wol alle... Do bist in smoarge reade sosjalistyske hûn! Wy sille mei dy efkes maatregels nimme jonkje! Dus do wolst trouwe en letter dizze saak, ús saak, nei gychem helpe?

**RIEMER:** Wêr hat omke it oer? Jo kinne har net iens!

**HINDRIK:** En ik wol har ek net kinne. Gjin inkele vrou doocht! It is allegearre koeke fan ien daai.

**RIEMER:** Tinkt omke ek sa oer omkes mem?

**HINDRIK:** Ja, wurkje in bytsje op myn gefoel ja!

**RIEMER:** 't is mar de fraach oft omke dat hat (*Jacob komt op*).

**HINDRIK:** Hast wat mist jong. In geweldige omkesizzer hawwe wy.

**JACOB:** Wat no wer?

**HINDRIK:** Wat no wer? Wat no wer? Meitsje ik wer rûzje? Dizze menear hjir is mei tsjinsin oan it wurd. Hy fertsjinnet mar in hongerleantsje en derneist, hâld dy fêst, hy skarrelet ek noch!

**JACOB:** Dat mienst net?

**HINDRIK:** Ja wol! Hy wol trouwe!

**JACOB:** Is it him yn 'e plasse stein?

**HINDRIK:** Fregest dat no? Hy wol safolle fertsjinje dat er in djoere vrou ûnderhâlde kin, sadat er letter de saak nei gychem helpe kin. Dérneist is hy lid fan it fakbûn. Dat sa'n minske hjir komt om oer de leanen te praten, dat is syn wurk! En ik ha gjin gefoel. O man, ik knal útelkoar!

**JACOB:** Riemer, is dat allegear wier?

**HINDRIK:** O, ha ik wer stean te ligen?

**RIEMER:** Omke Jacob, sis no ris earlik. Hat in man dy't goed syn bêst docht gjin rjocht op in fatsoenlik libben en in houlik?

**HINDRIK:** (*ferheard*) In houlik **en** in fatsoenlik libben? Dat kin net

tegearre!

**RIEMER:** Ja, jimme kinne it witte. (*Tsjin Jacob*) As jimme myn freondinne no ris kennen leare...

**HINDRIK:** Lit dy net opstoke troch dy fint Jacob.

**JACOB:** Ja, sjoch witst, foar it trouwen binne dy froulju faaks wol leaf mar dêrnei... In houlik is mear as fjouwer neakene billen! (*sjocht Riemer oan*) Mar goed, ik begryp datsto dus al op it punt stiest... Man, jonge, wat is dat rap mei dy gongen.

**HINDRIK:** En dat smyt hy ús sa, hup, foar de fuotten! Sûnder ienige tarieding.

**RIEMER:** (*tsjin Jacob*) Ik ha it der dochs wolris oer hân dat ik in famke...

**JACOB:** Ja, ja, mar wa tinkt dan fuortendaliks it minste? En is der no hielendal neat mear oan te dwaan? Riemer, do bist noch sa lekker jong. Dit binne de moaiste jierren fan dyn libben. Fergriem dy no net oan in vrou!

**HINDRIK:** Doch mar gjin muoite Jacob. Dat hat my ek neat holpen. 't Is folle better om te betinken hoe we dizze ramp foarkomme kinne.

**RIEMER:** (*lilk*) Sis omke Hindrik, dit hoech ik net te pikken!

**JACOB:** Efkes tuike oan Hindrik. Fangst mear miggen mei sjerpe as mei jittik.

**HINDRIK:** Dat is wier. Dat is by alle gekken sa.

**RIEMER:** (*poer*) It is dochs net te leauwen wat jimme der allegear útkreame!

**HINDRIK:** Gryp my mar! Smyt my der mar út! Do bist ta alles by steat hawwe wy murken.

**JACOB:** Hâld do dy no efkes twa tellen koest! (*tink efkes nei*) We moatte fan beide kanten efkes seis wike tiid nimme om ús te berieden op dizze stap.

**HINDRIK:** Misstap!

**JACOB:** Mocht Riemer fêst hâlde oan syn beslút dan sil hy ús oertsjûgje moatte dat syn vrou in perfekte vrou is.

**HINDRIK:** Dat slagget him noait! In perfekte vrou? Dy besteat hielendal net.

**JACOB:** Dan silst ek gjin beswier hawwe tsjin myn foarstel.

**RIEMER:** Ik ha echt gjin seis wike betinktiid nedich hear.

**JACOB:** Mar wy wol! Rin do no mar net te hurd fan steapel jonge.

Miskien is seis wiken betinktiid noch wol te koart. Mei stikeltrie en froulju moast tige oppasse. Besykje der efter te kommen wat har minpunten binne. En besykje sa mooglik... ik sis (*rêstiger mar mei mear klam*) sa mooglik... dy minpunten te ferbetterjen. Koartsein, doch der alles oan om har sa foardielich mooglik oan ús sjen te litten as it safier is.

**HINDRIK:** No fan my hoecht dat hielendal net, hear! Sjochst it al foar dy? Dan sil se hir yn de saak ek noch de baas spylje seker? Dan sil de hin hir kraie wylst der in hoanne yn 'e hûs is.

**JACOB:** It is noch net sein dat hy syn frou yn de saak nimt.

**RIEMER:** Se is yn in winkelbedriuw opgroeiit omke en se is by steat om de winkel ta grutte bloei te bringen. Se wol dit graach bewize.

**HINDRIK:** Wol ja jonge, hie har fuortentaliks meinommen.

**JACOB:** Nee, dat giet fansels net. Twa fereale minsken yn deselde saak... Dat soe in moaie boel wurde.

**HINDRIK:** De hiele dei flikfloaie en frimelje efter de baly. Ik kin de rabberij yn it doarp no al heare.

**JACOB:** Mar nei har kennis fan saken kinne wy wolris efkes ynformearje.

**RIEMER:** En foar dy proeftiid fan seis wiken wolle jimme har dus net kennen leare?

**HINDRIK:** Och heare nee... asjebleaft net sis!

**JACOB:** Sjoen dizze omstannichheden sil dat wol it bêste wêze. Litte wy ús mar oan dy seis wiken hâlder Riemer. Letter silst sizze dat ik it by it rjochte ein hân haw. (*Riemer suchtet*) Bist der net bliid mei hin?

**HINDRIK:** Kinst begripe! Wy hiene sizze moaten: "asjebleaft menear Riemer, kom deryn mei dat skitterjende famke fan dy, nim de saak oer en stjoer ús nei it âlde mannehûs"!

**JACOB:** No Hindrik, nim my net kwea ôf mar...

**HINDRIK:** Ja ik oerdriuw fêst wer. Ik werd bernsk, ik werd gek! Ik gean der tuskenút, ik moat frisse lucht hawwe... Mar ik sis dy dit, ik nim gjin greintsje ferantwurding op my. Stel do mar lekker allinnich fêst oft dat frommes perfekt is of net. Ik wol der neat mei te krijen hawwe. Hielendal neat! En as de saak dan hielendal nei

gychem giet, kom dan net by my mei dyn dejank en geseik! (*lilk  
ôf nei de winkel*)

**JACOB:** Sjonge jonge, wat in ellinde ynienen.

**RIEMER:** Is it myn skuld omke Jacob?

**JACOB:** Ach... ik wit it net. Mar ik bin der wol in lyts bytsje fan út myn dwaan en litten. We sille der mar it bêste fan hoopje en der yn earsten mar net mear oer prate. En dêrby, yn 'e kunde komme is noch gjin trouwen.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**